

# In koar mei karakter

**S**a'n 500 koaren en koarkes moatte der yn Fryslân wêze. Krekt as by de minsken binne der guon mei net folle karakter. Sa't dat faak sein wurdt. Miskien soene jo better sizze kinne mei net folle reliëf. Se komme it poadium op, se sjonge har deuntsje en se geane der oan de oare kant wer ôf sûnder dat der by de harkers folle fan hingjen bliuwt.

Ik ken ek wol in stikmannich dêr't jo, bûten it opkommen en ôfgean om, mear as in bytsje fan oer hâlde. Dat sit 'm yn de muzikale lieding foar in grut part.

Mar net allinne!!

Want dy kin net folle begjinne sûnder de ienriedige gearwurking mei in aktyf bestjoer en mei royale leden. Royaal net allinne mei de kontribúsje mar foaral ek mei in oandachtich stribjen nei moai sjongen en in goede sfear.

Sa't ik al sei, sokke koaren binne der wol! Elk hat wat eigens, wat karakter neamd wurde kin. Oer ien dêrfan sil ik wat mear fertelle.

Yn de Grouster Fermanje mocht ik ferline jier in repetysje fan it Mingd Koar ûnder lieding fan Jan Veninga bywenje. De wurklist fan it earstfolgjend kofjekonsert waard nochris goed ûnder hannen naam. Op in ûnderhâldende manier sa't it dizze dirigint wol tabetroud is. Ik ferfeelde my der net by!

Lykwols, wylst it koar fan 'It Marke' in skilderijke fan klank besocht te meitsjen, glieden myn tinzen stadich oer nei it tsjerkoargel dat dêr sa stil stie, 'krekt as it. . . mei oandacht nei it sjongen harke'.

It moast yn 1912 west ha dat in ploechje fan njoggen Grousters by dat oargel stie om ûnder lieding fan Jehannes van Stralen it 'Liet fan de Titanic' by de preek te sjongen. Yn it Nederlânsk:

*Nader mijn God bij U,  
U naderbij,  
zijn ook de weg daartoe  
een kruis voor mij. . .*

Op 14 april fan dat jier wie it gloednije, lúkse en feilich achte passazjiersskip 'Titanic' op syn earste reis fan Ingelân nei New York op in iisberch fearn en sonken. Fan de 2206 minsken oan board fûnen 1503 de dea. It sizzen wie dat it skipsorkest sa lang as it koe it Ingelske tsjerkeliet 'Nearer my God to Thee' spile hie.

Hoewol't it letter bliek dat de tadracht wat oars west hie, rekke dit liet oer de hiele wrâld bekend. In pear Grousters ha doe soarge dat se it yn hannen krigen en it ta klinken brocht yn de Fermanje: in Wrâldliet hie oer de oseaan hinne it doarp fan 'It Marke' berikt.

Ut dit groepke Titanic-sjongers ûntstie doe in fêst koarke dat al gau 'It Fermanjekoar' neamd waard. In bestjoer hienen se net, kontribúsje likemin en in reglemint koenen se ek skoan bûten.

It gyng har allinne mar om it meielkoar sjongen, no en dan ek wolris by de preek. De Fermanje wie har thús.

Yn 1918 waard Jehannes Gorter, in seilmakker, dirigint. Syn earelean wie fjirtich gûne yn 't jier. De kontribúsje soe in stoer yn 'e wike bedrage en der kaam no dochs in bestjoer. En in reglemint. Mingd Koar Grou waard de namme.

Mar de bân mei de Fermanje bleau! Jehannes hat yn 1945 ôfskie naam. It koar, syn koar, hat er yn de heechste regioanen fan it konkoerssirkus brocht. In folsleine amateur! Mar wol in bysûnderien! In man fan karakter. Hy en Mingd Koar Grou pasten elkoar by útstek!

Jan Veninga besleat mei de 'Skotse Trije' de repetysje. It moai licht en fleurich sjongen fan de manlju - dy't se dêr genôch ha -,

*'Kom laten wij een wandeling gaan  
doen,  
al in het jonge groen  
met een meisje van fatsoen. . .'*

tilde my ynienen wer oer de lêste fjirtich jier hinne. Ik tochte: „Wat soe ik graach wolle dat dizze minsken my dat Titanic-liet dêr't dit allegear mei begûn is noch ien kear. . .”

Mar nei sa'n drokke jûn doarst ik it net freegje.

Lykwols, it Mingd Koar Grou bliuwt foar my it Titanic-koar!

Der is noch in twadde liet dat my yn de geast ferbynt mei dy Grousters.

Doe't Cor Ket, beropsmusikus, yn 1945 Jehannes Gorter opfolge, begûn it koar syn wjokken fierder út te slaan. Ien aspekt dêrfan wienen de radio-opnamen, dêrt it Mingd Koar gauris foar nei de studio's reizgje moast. Mei de trein.

Op ien fan dy tochten moasten se oer-

stappe en wachtsje yn Amersfoart. Wat koe sa'n moai koar dan better dwaan as op it perron in Frysk liet te sjongen!

Net sa-mar-in-liet. . .

Nee, in liet fan it wetter, in liet fan de Mar.

Rôle, rôle. . . sille jim wol tinke.

Diskear net!

Se hienen no nije wurden en nije muzyk op itselde langstme nei it rôljen en brúzjen fan de âlde trouwe Grou!

Wêrom keazen dy hurde Friezen dat oergefoelige liet op wurden fan Jan fan 'e Gaestmar op muzyk fan in oare Jan, Jan Paardekoper? Alle hurdens, alle ûnfersetlikens dy't Friezen harsels sa graach oanprate meie, ûntbrieken yn dat ferske. . .

Mar it wie yn dy tiid neat minder as in top-hit yn in hiele rige fan sentimintele koarsangen. Oft dy Friezen ek emoa-sjoneel binne!! Dat krige stim en lûd, ek yn dat 'Mar, o mar. . . dat einige mei: . . . ik ha sa'n la-angst nei dy. . .

Sjongers en harkers beide, se 'waarden der suver oars fan'.

Lit no sa'n koar fan Grousters, yn 'e frjemdte, sa'n liet sjonge! By elke rigel helje se har de eigen Mar foar de geast!

Soks hat in machtige ynfloed op de foardracht. De dirigint hoecht har neat oan te praten, it komt suver fansels! It publyk hoecht de tekst net iens te ferstean. . .

Want wat barde der op dat keale perron?

De gefoelige klanken rôlen ûnder de glêzen bekaping fierder en fierder: oft it wetterweagen wiene!!

De oare perrons rûnen leech. Elk woe dat bûtenlânske koar dat jin sa yn 't moed taaste hearre. En sjen! 'Where do you come from?'

Grou.  
'Which country?'  
Fryslân.  
???  
Friesland.  
„Ooh.”

Sjoch, dat wie Mingd Koar Grou. Koar fan dirigint Jehannes. Koar fan foarsitter Jehannes. Koar mei karakter!

PYT BLOEMBERGEN



It Mingd Koar Grou sjongt yn de Sint Pitertsjerke.